

Besprek

Claas Riecken (1994)

Wörterbuch im Dornröschenschlaf. Zur Entstehung und Anlage des 'Nordfriesischen Wörterbuch' von Moritz Momme Nissen. Co-Frisica. Mitteilungen aus dem Fach Friesische Philologie. Meidielingen út de universitêre frisistyk. XV (Kiel-Amsterdam: 1994, ISSN 0920-3028, XII + 183 siden).

Yn 'e twadde helte fan 'e 19de ieu hat de Noard-Fryske skoalmaster en koster Moritz Momme Nissen (1822-1902) it seisdjelige *Nordfriesisches Wörterbuch* (tenei: NW) skreaun. Dat boek is altiten yn manuskript lizzen bleaun. De no besprutsen stúdzje fan Claas Riecken behannelet it ûntstean en de opbou fan dat mânske wurdboek.

It ynliedende haadstik begjint mei in beskriuwing fan it Noard-Fryske taalkundige wittenskipsbedriuw. Dat rjochte(t) him benammen op (dialekt)leksikografy. Riecken lit sjen dat Nissen dêr mei syn 'dialektübergreifenden' (s. 3) wurdboek wat útkipt. Dan folget in paragraaf mei in wiidweidige beskriuwing fan papierformaat, stimpels en soksoartige saken. Ik freegje my oft dy paragraaf wol yn dit boek thúsheart. It giet hjir ommers net om in edysje. Lokkigernôch folget dan de fraachstelling. Dy bestiet út fjouwer parten en folget nei de opmerking: 'Diese Arbeit befaßt sich mit Entstehung und Anlage des NW' (s. 7). Ik neam se hjir alle fjouwer: 1) ûnder hokker omstannichheden en tsjin watfoar eftergrûn is it NW ûntstien? 2) hoe is it NW yndield en yn detail opboud? 3) hoe is it wurdkorpus opboud? 4) hoe is it NW ûntfongen en hoe is it te pleatsen? Dy fjouwer ûndersyksfragen korrespondearje mei de haadstikken II-V en sille fierderop yn dit besprek behannele wurde. Nei de fraachstelling jout Riecken yn goed trije siden in eksposee fan de stân fan saken op it terrein fan de (teoretyske) leksikografy. Hy beheint him dêrby ta it Dútske taalgebiet. Diskusje en ûndersyksfraachstellingen komme oan bod. Wat ik spitich fyn is dat Riecken net in eksplisite ferbining leit mei syn eigen ûndersyk, mar oan 'e ein fan 'e paragraaf folstiet mei de opmerking: 'Somit ist die vorliegende Arbeit zwar im Rahmen der historischen Wörterbuchforschung der (deutschen) Dialektlexikographie zu sehen, jedoch unter Berücksichtigung der besonderen sprachlichen Stellung des Nordfriesischen' (s. 12).

Yn haadstik II wurdt behannele ûnder hokker omstannichheden en tsjin watfoar eftergrûn it NW ûntstien is. It haadstik set út ein mei in biografyske paragraaf dêr't Nissen yn út nei foaren komt as in wat tragyske figuer, ien dy't in min betelle baan hat yn in mienskip fan rike boeren, dy't dêrom flechtet yn 'e grutheid fan it ferline en him ynset foar it behâld fan it Frysk(e) en foaral bûten syn mienskip om wurdearring foar syn krewearjen kriget. Nei in paragraaf oer foarstadia en datearring fan it NW folget in nijsgjirrich en wiidweidich ferhaal oer de motivaasje fan Nissen, de driuw, de foarbylden dy't er hie by syn literêre en leksikografyske wurk, en it doel dat er mei syn NW foar eagen hie. Dy driuw ferklearret Riecken foar in part út 'e romantyske tiidgeast en foar in part út 'e niis neamde biografy (earst ûnwennigens fan thús, letter materiële frustraasjes). As ynspirators wurde ûnder oaren neamd de skriuwer Klaus Groth, de histoarikus K.J. Clement en de leksikograaf L.F. Mechlenburg. Nissen strjibe foar it behâlden en opwurdearring fan it Noard-Frysk. Mei syn wurdboek hie er lykwols yn earste ynstânsje it doel de wittenskip(pers) te berikken. Yn paragraaf 4 makket Riecken oannimlik dat Nissen yn de ferskate dialektgebieten kontaktpersoanen hie dy't materiaal fan him krigen om yn harren dialekt oer te setten. Dat is in wurkwize dy't ta ûndúdlikheid oer de autentisiteit fan it materiaal liede kin. Stekproeven hawwe lykwols útwiisd dat it materiaal autentyk is. Fan skriftlike boarnen, foarsafer

oanwêzich, hat Nissen amper gebrûk makke. Yn paragraaf 5 lit Riecken sjen dat benammen op it mêd fan taalwittenskip en skiednis Nissen singeliere, naive ideeën hie. Net-tsjinsteande krityk fan tiidgenoaten hat er him 'in starrköpfigem Eigensinn nicht belehren lassen wollen' (s. 51). Sa leaude er dat it Fryske folk in hiel âld en wichtich folk wie, dat it syngroane Noard-Frysk noch Oer-Germaansk wie en dat alle oare Germaanske talen fan it Noard-Frysk ôfstammen. Wol hie er in tûk each foar dialektgeografyske ferhâldingen. Sa wykt syn yndieling fan it Noard-Frysk net folle ôf fan de hjoeddeiske. Haadstik II beslút mei in koart paragraafke dat yngiet op opmerkingen fan Nissen oer de te ferwachtsjen omfang fan it NW en de krityk fan tiidgenoaten.

De eftergrûnen fan it ûntstean fan it NW binne op nijsgjirrige wize yn byld brocht, mar foar myn gefoel hie dat wol wat oersichtliker kind. Sa soe ik keazen hawwe foar in oare folchoarder fan de paragrafen, te witten earst par. 1, 3 en 5, dy't mear op de eftergrûnen yngeane en dan par. 2, 4 en 6, dy't mear op it NW an sich yngeane.

Net daliks giet haadstik III yn op 'e opbou fan it NW op makro- en mikronivo. Earst moat de auteur noch kwyt dat sa'n 500 fan de goed 3200 siden in grammatika, foaropwurden en in register befetsje. Yngeand wurdt dat beskreaun. Dêrnei pas folget stap foar stap in beskriuwing fan 'e makro- en mikrostruktuer.

It meast opfallende fan de makrostruktuer is de oardering fan de lemmata, te witten, net alfabetysk mar neffens stamfokaal. Per stamfokaal is der dan in beskate alfabetyske oardering mei lykwols as útsûndering de regel dat de kombinaasje 'bylûd + stamfokaal' foar de kombinaasje 'bylûd + bylûd + stamfokaal' komt (b.g. 'gubbe' foar 'glumm').

It NW jout in syngroane beskriuwing fan de hiele wurdskat fan alle Noard-Fryske dialekten. Yn de 19de ieu wie in diagroane beskriuwing wenst. Dat Nissen dêr fan ôfwykt, kin neffens Riecken ferklearre wurde út it feit dat der amper histoarysk boarnemateriaal foar hannen wie. Wol slút Nissen oan by de dan opkommende gewoante om de hiele wurdskat te beskriuwen, wylst dêrfoar allinne de fan de standert ôfwikende wurden yn saneamde 'idioatika' opnommen wurden. De taal fan 'e lemmata is net in konstruearre metataal, mar Nissen syn eigen dialekt. Omdat Nissen ek dialektferskillen sjen litte woe, binne bysûndere dialektwurden yn ferwiisartikels meinommen.

Nei in paragraafke oer gebrûksoanwizingen yn it NW giet Riecken fierder mei de mikrostruktuer. Wiidweidich beskriuwt er dy likernôch yn 'e folchoarder sa't dy him meastentiids yn it NW foardocht: lemma, wurdsoarte, betsjutting, bûgingsfoarmen, dialektfoarmen, etymologysk besibbe foarmen, metatalige opmerkingen, Fryske foarbyldsinnen, sprekwurden en gearstallingen.

Opfallend by de foarm fan it lemma is dat Nissen ek affiksen en bûgingsfoarmen as lemma opnaam. Neffens Riecken sil dat te krijen hawwe mei it oarderjen neffens de stamfokaal, hoewol't er tagelyk ek wiist (mar dan ek net mear as wiist!) op it wurdboek fan de bruorren Grimm. Riecken bliuwt hjir wat spekulatyf en hie mar better folstean kind mei op te merken dat it opnimmen fan sokke lemmata net gebrûklik wie.

De semantyk is yn it NW oan 'e krapperein kaam. It binne benammen de foarbyldsinnen dy't de betsjuttingen dúdlik meitsje. Om Nissen wer wat goed te praten, set Riecken him yn it ramt fan 'e tiid: semantyk spile doe yn 'e taalwittenskip net in grutte rol.

Mei help fan metatalige opmerkingen ferklearre Nissen net allinne wurden, hy koe der tagelyk syn taalwittenskiplike, mytologyske en histoaryske opfettingen yn kwyt. Nijsgjirrich is dat er soms fan de Dútske metataal oergiet yn syn eigen dialekt.

Nei in paragraafke oer komposita giet Riecken fierder mei de foarbyldsinnen en sprekwurden. Frij maklik giet er út fan de autentikens, de Fryskens fan 'e sprekwurden: 'Für diese Sprichwörter kann wohl auch davon ausgegangen werden, daß sie

authentisch sind'. Minder maklik docht er dat by de foarbyldsinnen. Hy formulearret wat ympresjonistysk: 'Diese Sätze scheinen zumeist alltäglichen Sprechsituationen entnommen zu sein, da sie in der Regel recht authentisch wirken. Zuweilen gewinnt man aber den Eindruck, daß die Sätze mehr über Nissens Lebensanschauung aussagen, als über dat Friesische' (s. 79). As foarbyld jout Riecken sintesjes mei in antysjerklike ynhâld dy't oan de betsjutting fan it lemma neat tafoegje. Nettsjinsteande de gauris subjektive ynhâld hawwe de foarbyldsinnen foar Riecken wearde, al wie it allinne mar as korpus foar taalkundich ûndersyk. Dat kin fansels fan elk hânskrift sein wurde.

It fjirde haadstik behannelet de opbou fan it wurdkorpus. Riecken wol neigean yn hoefier en hoe betrouber oft guon losse dielwurds-katten en de ferskate dialekten yn it korpus fan it wurdboek fertsjintwurdige binne.

Haadstik IV begjint mei in telling (par. 1). Yn in tabel kin men per stamfokaal it tal siden, it tal lemmata en de gemiddelden dêrfan neigean. Om eefkes in yndruk te jaan: it suvere wurdboekpart fan it NW beslacht 2662 siden mei 9898 lemmata. It gemiddelde is 3,72 lemma de side. Wat men fierder mei dy tabel moat, stiet der lykwols net by. Men soe as lêzer bygelyks no graach witte wolle hoe't men de (eventuele) ôfwikingen ynterpretearje moat. Paragraaf 2 jout in opsomming fan alle 45 lemmata mei de begjinkluster gl-, ferspraat oer alle seis dielen fan it NW. Yn in tabel steane dan it tal fynplakken fan dy lemmata, útsplitst per dialekt. Dêrnei wurdt noch wakker teld en middele, mar mei dy útsplitsing per dialekt wurdt pas yn in lettere paragraaf wat dien. Yn paragraaf 3 giet Riecken oan 'e hân fan it trajekt 'ga-good' yn it Mooringer hân-wurdboek út 1988 nei hoefolle materiaal út it NW dêryn ferwurke is en yn hoefier't dat oanfolle is mei oare belisplakken. It wurdt der net by sein, mar wierskynlik giet it hjir om de betrouberheidstest dy't yn 'e fraachstelling op s. 7 suggerearre wurdt: wat grutter it tal (lettere) belisplakken fan in lemma dy't net op Nissen weromgeane, nammenste grutter de kâns dat it belisplak yn it NW betrouber is.

Dan folget in nijsgjirrige paragraaf oer dielwurds-katten. Opfallend is it relatyf grutte oanpart lienwurden en frjemde wurden yn it NW (ca. 10%), foaral ek omdat krekt doedestiids yn Dútslân har sterk puristyske tendinzen jilde lieten.

Wat de taalútbou oanbelanget, ferliket Riecken syn útkomsten mei dy fan in ûndersyk fan Århammar út 1988. Dy skatte dat oanpart grutter yn as Riecken no útrekkene hat.

By de fakwurden springe twa domeinen derút: de taal fan de moolner en wurden út de seefear. Riecken ferklearret it earste út Nissen syn biografy, de heit wie moolner. It twadde fernuveret Riecken en hy bringt dan nei foaren dat de fêstelânsfries Nissen faaks gebrûk makke hat fan in samling fan Clement. Fierders komme in soad wurden út 'e lânbou foar. Dy wurde troch Riecken mei rjocht net ta faktaal rekkene, omdat de boerewurds-kat doedestiids diel útmakke fan 'e algemiene, deistige wurds-kat.

Eigennammen en toponimen komme ek in soad foar (ca. 6%). Dêrnei past it NW yn 'e tradysje fan 'e dialektleksikografy.

Mei wurden út 'e taboesfear gie Nissen ûnbefongen om. Dat wie foar syn tiid net gebrûklik. Wol stie er dêrnei op 'e selde line as Jacob Grimm: men skriuwt in wurdboek, net in sedeboek.

Yn de paragraaf dêrnei wurdt ûnder oaren yngien op de tabel út de earder neamde paragraaf 2. Wat opfalt is de oerfertsjintwurdiging fan Nissen syn eigen dialekt, wylst guon oare dialekten ûnderfertsjintwurdige binne. De wearde fan it NW leit foar Riecken foaral yn it feit dat Nissen by elk lemma hiel sekuer ynformaasje jout oer de lûding. In soad dialektwurds-boeken folsteane dêrfoaroer mei in losse lûdtabel, sadat men nea hielendal wis is oft de flagge de lading altiten wol dekt.

Yn 'e lêste paragraaf komt Riecken op de wearde dy't de foarbyldsinnen yn it NW hawwe kinne foar sosjolingûsten en kultuerhistoarisy.

By de resepsje sjocht Riecken net allinne nei it ferline, mar giet er ek yn op de betsjutting dy't it NW hjoeddedei hat. De earste paragraaf fan haadstik V beslacht de ryklik bedokumintearre resepsjeskiednis fan it NW. Doe't Nissen besocht it NW útjûn te krijen, hie der in paradigmapuiksel west. Nissen syn ferbingingen tusken taal, folksgeast en religy pasten net yn de doe jildende opfettingen fan de saneamde Junggrammatiker. It NW bedarre op 'e universiteitsbiblioteek fan Kiel, dêr't der fierder net folle nei omsjoen waard. Oant yn 'e fyftiger jierren wie it algemiene betinken dat it NW allinne as materiaalsamling in beskate wearde hie. Nei de oprjochting fan de Nordfriesische Wörterbuchstelle yn 1950 waard begûn mei it wurkjen oan it saneamde Gesamtwörterbuch foar it Noard-Frysk. D. Hoffmann stie posityf foar it NW oer en wiisde der op dat it in tige betroubere samling dialektmateriaal is. De positive wurdearring naam ta. Århammar bestimpele yn it gesachhawwende hânboek *Wörterbücher. Ein internationales Handbuch zur Lexikographie* (1990) it NW as it haadwurk fan 'e Noard-Fryske leksikografy. De paragraaf giet dan in sydspoar op. Riecken giet yn op de wurdearring fan Nissen as taalûndersiker, dichter en bewegjer. Oan 'e ein komt it NW wer op 'e lappen. It ûntbriek Nissen yn syn tiid net allinne oan wittenskiplike erkenning. Syn tiidgenoaten hawwe him wierskynlik ûnderfûn as in eigenwize man, dy't gjin 'konkurrinten' neist him ferneare koe. Dochs leit foar Riecken de wichtichste oarsaak foar it ûntbrekken fan erkenning yn it feit dat Nissen syn tiidgenoaten gjin belangstelling hiene foar de eigen taal en dus ek net waarm rûnen foar it behâld dêrfan.

De twadde paragraaf behannellet de hjoeddeiske betsjutting fan it NW. Hjir en dêr is dy al oanstipt yn eardere haadstikken. It NW wurdt klassifisearre as 'synchrones, diatopisches, deskriptiv-konfrontatives Wörterbuch' (s. 123). Mei syn totaaloersjoch foarmet it NW ien fan de alderwichtichste boarnen foar it 19de-ieske Noard-Frysk en in skatkeamer oan sitaten foar de leksikografen fan no. Net allinne foar taalkundigen, ek foar sosjologen en kultuerhistoarisy hat it NW wearde. Dat mei-inoar is yn 'e eagen fan Riecken sa'n grut pluspunt dat it opwege kin tsjin de minpunten 'oarding fan de lem-mata neffens stamfokaal' en 'meagere semantyk'. Hy pleitet foar útjefte fan it NW en hellel der ta beslút bewegingsarguminten lykas ferheging fan prestiizje en status by.

Yn it ôfslutende haadstikje VI jout Riecken in gearfetting en oanbefellingen ta fierder ûndersyk.

Myn krytyk op it boek komt op it folgjende del. De fragen dy't oan it begjin fan it boek steld wurde, steane wat op harsels en komme net dúdlik út in probleemstelling fuort. Miskien oardielje ik hjir te strang en leit it him faaks oan it brûkte jargon. It boek is úteinliks mear in eksploraarjende ynventarisasaasje.

Oan 'e ein fan elk haadstik hie om my wol in paragraafke mei in pear gearfetsjende opmerkingen stean mochten dy't op 'e stelde fragen weromgripe. Pas oan 'e ein fan it boek stiet in koarte gearfetting. Fierders is de opbou fan it boek wolris wat hin-en-wergeanderich. Ik ha de yndruk dat Riecken besocht hat om echt alles (!) op te skriuwen wat er wist, dêrby de tried fan it betooch wolris út it each ferliezend. Dat befoarderet net altyd de lêsbereans fan it boek.

Sa net, Rieckens hat op yngeande wize in tige weardefol manuskript mei in fracht oan nijsgjirrich materiaal en it ûntstean dêrfan beskreaun. Men wurdt as lêzer sa nijsgjirrich, dat men graach it manuskript sels of de eventuele boekútjefte ûnder eagen hawwe wolle soe.

F.J. van der Kuip (Fryske Akademy)